

Verzoek om medewerking.

LEES JE LIEVER NEDERLANDS? EVEN DOORSCROLLEN NAAR BENEDEN!

Bêste partijgenoat ,geastessibbe, kollega, freon of goekunde:

Yn desimber en jannewaris stjoerden wy (fiif âld steateleden) in protte minsken in fersyk. It gie oer de foarnommen oanlis fan in autobaan fan Nyegea nei Dokkum, de sintrale as. Wy fregen om foar in BESKIEDEN AS te pleitsjen by Provinsjale Steaten. Oanlis fan de sintrale as sa 't it no yn de plenning sit bringt de regionale ekonomy, de natoer en it Wâldlânskip grutte skea ta. Oanpassing fan de plannen is no noch mooglik. Hûnderten minsken hawwe oan dy oprop gehoar jûn. Hartstikkene Bedankt! Wat wie it effekt?

It presidium fan Provinsjale Steaten skode it fersyk om nochris serieus nei de plannen te sjen troch nei Deputearre Steaten. Der kaam op 23 jannewaris in petear tusken deputearre Sytske Poepjes en de fiif âld Steateleden en har adviseurs. Dat petear wie teloarstellend. De Provinsjale polityk wol ús plan net iens serieus besjen, dêr komt it koart sein op del. Beslút is beslút, se slute har ôf foar nije ideeën, ek al binne de tiden krap, dit jild jouwe sy sa út en sy wolle net hearre dat it diels ûnnut is.

Wy hawwe ús mei syn fiven op de situaasje berieden.

Alderearst stelden wy ús de fraach: **hat it no noch sin?**

It antwurd is: ja. De oanbestegings binne noch net de doar út. Salang kin de Provinsje noch oars.

Doe fregen wy ús ôf: **binne wy noch motivearre?**

It antwurd dêrop is: hartstikke! Der kin € 100.000.000 besparre wurde, en dan is it úteinlik resultaat ek nochris folle better foar de regio!

De folgjende fraach wie: mar hoe krije wy dy minsken yn de Steaten safier dat se wol lústerje?

It antwurd: in **boargerinisjatyf**.

Wannear't 1500 minsken in hantekening sette ûnder it fersyk om ús útstel "**BetterAs**" op de wurklist fan Provinsjale Steaten te setten, moatte se it behannelje. At wy alles op alles sette, komt dit yn maaie of juny op de wurklist fan Provinsjale Steaten.

Wat hawwe wy ûndertusken dien?

- Wy hawwe ús plannen, yn wurden en bylden, sa goed mooglik beskreaun.
- Wy meitsje in website dêr 't alles op te besjen en te lêzen is: www.betteras.nl.
- Dy website is yn alle gefallen 18 maart yn de loft, mooglik earder.
- Wy organisearje de hantekeningssaksje dy't nedich is foar it **boargerinisjatyf**.
- Wy hawwe sels jild yn in pot dien om dit allegearre te beteljen.
- Der wurdt in stichting oprjochte: **BetterAs**.
- Der wurdt in bankrekken iepene, dêr't bydragen fan elk wolkom op binne.
- Wy trune der by de Provinsjale media op oan oandacht te besteegjen oan it boargerinisjatyf. It earste resultaat dêrfan is in dokumintêre, dy't Omrop Fryslân op 1 april (gjin grap!) op Nederlân 2 útstjoert en herhellet op 2 april.

Hokker stipe soenen wy hiel graach fan dy en oaren hawwe wolle?

- Dyn hantekening en de hantekening fan safolle mooglik oare minsken!
- Stjoer ús in berjocht datst meidwaan wolst en brûk dêrfoar ien of mear fan de folgjende adressen:
 - d.bylsmafryslan@gmail.com
 - j.arjaans@planet.nl
 - efka.info@planet.nl
 - willem.wilda@knid.nl
- Wy reagearje dan sa gau mooglik.

Jelle Arjaans(D66), Douwe Bijlsma(FNP), Frans Kuipers(CDA), Hannah Ludwig(PvdA), Willem Verf (GL).

Beste partijgenoot, geestverwant ,vriend, goede kennis of collega:

In december en januari stuurden wij (vijf oud statenleden) veel mensen een verzoek. Het ging over de voorgenomen aanleg van een autobaan van Nyegea naar Dokkum, de centrale as. Wij vroegen om voor een BESCHEIDEN AS te pleiten bij Provinciale staten. Aanleg van de centrale as zoals nu gepland is, brengt de regionale economie, de natuur en het Woudenlandschap grote schade toe. Aanpassing van de plannen is nu nog mogelijk. Honderden mensen gaven gehoor aan die oproep. Hartstikke bedankt! Wat was het effect?

Het presidium van Provinciale Staten schoof het verzoek om nog eens serieus naar de plannen te kijken door naar Gedeputeerde Staten. Er kwam op 23 januari een gesprek tussen gedeputeerde Sytske Poepjes en de vijf oud statenleden en hun adviseurs. Dat gesprek was teleurstellend. De Provinciale politiek wil ons plan niet eens serieus bekijken, daar komt het kort gezegd op neer. Besluit is besluit, ze sluiten zich af voor nieuwe ideeën, ook al zijn de tijden krap, dit geld geven ze zo uit en ze willen niet horen dat het deels nutteloos is.

We hebben ons met zijn vijven op de situatie beraden.

Allereerst stelden we ons de vraag: **heeft het nu nog zin?**

Het antwoord is: ja. De aanbestedingen zijn de deur nog niet uit. Zolang kan de Provincie nog anders handelen.

Toen vroegen we ons af: **zijn we nog gemotiveerd?**

Het antwoord daarop is: nou en of! Er kan € 100.000.000 worden bespaard, en dan is het uiteindelijk resultaat ook nog beter voor de regio!

De volgende vraag was: maar hoe krijgen we die mensen in de Staten zover dat ze wel luisteren?

Het antwoord: een **burgerinitiatief**.

Wanneer 1500 mensen een handtekening zetten onder een verzoek om ons voorstel **"BetterAs"** op de agenda van Provinciale Staten te zetten, moeten ze het behandelen. Wanneer we alles op alles zetten, komt dit in mei of in juni op de agenda van Provinciale Staten.

Wat hebben we ondertussen gedaan?

- We hebben onze plannen, in woorden en beelden, zo goed mogelijk beschreven.
- We maken een website waar alles op te bekijken en te lezen is: www.betteras.nl.
- Die website is in ieder geval op 18 maart in de lucht, mogelijk eerder.
- We organiseren de handtekeningactie die nodig is voor het **burgerinitiatief**.
- We hebben zelf geld in een pot gedaan om dit allemaal te betalen.
- Er wordt een stichting opgericht: **BetterAs**.
- Er wordt een bankrekening geopend, waarop bijdragen van iedereen welkom zijn.
- We dringen er bij de Provinciale media op aan, dat ze aandacht besteden aan het burgerinitiatief. Het eerste resultaat hiervan is een documentaire, die Omrop Fryslân op 1 april (geen grap!) op Nederland 2 uitzendt en herhaalt op 2 april.

Welke steun zouden we heel graag van jou en anderen willen hebben?

- Jouw handtekening en die van zoveel mogelijk andere mensen!
- Stuur ons een bericht dat je mee wilt doen en gebruik daarvoor één of meer van de volgende adressen:
 - d.bylsmafryslan@gmail.com
 - j.arjaans@planet.nl
 - efka.info@planet.nl
 - willem.wilda@knid.nl
- Wij reageren dan zo gauw mogelijk.

Jelle Arjaans(D66), Douwe Bijlsma(FNP), Frans Kuipers(CDA), Hannah Ludwig(PvdA), Willem Verf(GL).